

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag	:	21-05
Datum indienen vraag	:	26 jannewaris 2021
Naam vraagsteller	:	Mefr. M. Dotinga-van der Veen (FNP)
Portefeuillehouder	:	Mefr. P.M. Jonker
Ambtenaar	:	Dhr. H. Veldhuizen
Datum akkoord college	:	
Zaaknummer	:	Z2021-01315

Underwerp

It Koartling

Op 26 jannewaris 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer It Koartling. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlleding

Alle doarpshuzen yn Achtkarspelen hawwe lang om let ôfrûne wike berjocht kriegen oer de útkearing fan de troch it Ryk takende koroanejilden yn 2020. Doe't wy op 10 desimber dêr opheldering oer fregen, wie it andert dat dêroer sawol amtlik as bestjoerlik kontakt wie mei de doarps- en kluphuzen. Letter hat ús blikken dien dat soks perfoarst net it gefal wie. De inkeld kontakten, dy't der al ûnstiene wie nei beswier fan de kant fan in bestjoer fan in doarps- danwel kluphûs nei oanlieding fan de brief fan't kolleezje, dat yngeand 2022 de subsydzjes jeugd- en jongereinwurk en it folwoeksenenwurk stop setten wurde soe. As FNP wiene wy tsjin dizze besuniging, dat sil jim noch wol heuge. Op in oar momint sil ús fraksje dêr dan ek wis en wrachtich op werom komme.

De konsekwinsjes fan dizze besuniging allyksa dy op de doarpsbelangen sille grif grutte gefolgen ha. Yn de lêste riedsgearkomste die al blikken dat de CDA-fraksje al net goed foar eagen hat hoe at it nije 'moderne belied' der út sjen sil en frege it kolleezje om útlis, om fisyl. It sizzen: "Smyt gjin âlde skuon fuort, ear't jo nije ha", jildt noch hieltyd. Hawar, de koroanejilden bedoeld foar de doarps- en kluphuzen binne no lokkich oermakke, lykwols liket 'It Koartling' te Bûtenpost hieltyd tusken wâl en skip te fallen. Gjin brief fan't kolleezje ynsake de besunigings kriegen, dy soe rjochting it Peatslik Belang gien wêze. Der is op wiist dat men by 'It Koartling' wêze moat. Dêr fielde de gemeente, nei't grûte wurdt oanfanklik net foar. Ek no wer yn jannewaris ynsake de koroanejilden gjin brief, dat yn tsjinstelling ta de oare ynstellings. En boppedat ek de fergoeding net op de rekken. Okkerdeis moast it bestjoer yn de krante lêze, dat der in nij jeugddhonk, it saneamde 't Stationnetje, opsetten wie. 'It Koartling', al 50 jier it jeugd- en jongereinsintrum by útstek, moat soks út'e krant fernimme.

Fragen

1. Sûnt wannear is it by it kolleezje net mear bekend dat 'It Koartling' in kluphûs is?
2. Wêrom wurdt der wol kontakt opnaam mei it bestjoer fan Peatslik Belang Bûtenpost en net mei it kluphûs 'It Koartling' sels?
3. Wêrom wurdt der net kommunisearre mei 'It Koartling'?
4. Wêrom wurdt der nei oantrunen fan PB Bûtenpost om kontakt op te nimmen mei 'It Koartling' dit wegere?
5. Wêrom is der yn't foar ek gjin oerlis west ynsake it realisearjen fan in nij jeugdûnderkommen yn Bûtenpost, it saneamde 't Stationnetje?

Reaksje kolleezje

1. It kolleezje is op 'e hichte dat It Koartling in kluphûs is en hat ek ûnder de Coronaperioade besocht goed kontakt te hâlden mei It Koartling.
2. Neidat de mearjierrenbegrutting op 12 novimber yn de rie fêststeld is, hat it kolleezje brieven útstjoerd oer it beëindigjen fan de subsydzjes foar it sosjaal-kultureel wûrk mei yngong fan 2022. Wy ha konstatearje moatten dat dit brief net by It Koartling oankommen is, hoewol't dit brief yntern wol as 'ferstjoerd' oanmerke is. It kolleezje fynt dizze gong fan saken tige spitsch. It Koartling hat de brief ûnderwilens noch krigen en op 10 febrewaris is de ynhâld fan de brief besprutsen. Ek is It Koartling ynformearre oer de Coronajilden en is it bedrach yntusken oermakke.
3. It kolleezje is en bliuwt yn oerlis mei sawol It Koartling as Pleatslik belang Bûtenpost as it giet oer it fersterkjen fan de sosjale basis.
4. It kolleezje hat op 10 febrewaris in petear hân mei it bestjoer fan It Koartling. Dat hat in konstruktif petear west oer it foarnimmen om mei yngong fan 2022 op te hâlden mei de subsydzje. By dit petear binne wy sawol bestjoerlik as amtlik fertsjintwurdige.
5. De hûsfesting fan '*t Stationnetje*' is folslein de ferantwurdlikheid fan KEaRN, en net fan de gemeente. '*t Stationnetje*' wirdt net finansierd troch de gemeente Achtkarspelen, mar folslein troch fûnsen en subsydzjes.

Hjirby wize wy jo nochris op ús beantwurding fan de skriftlike fragen fan it CDA oer '*t Stationnetje*' yn Bûtenpost, fan desimber 2020:

*Daarnaast is '*t Stationnetje*' géén jeugdhonk. Bij '*t Stationnetje*' gaan jongeren tussen de 14 en 30 jaar een traject in van minimaal 12 weken, 6 uur per week. Binnen hun traject werken de jongeren aan een zelfgekozen doel. Dit doel kan gaan om opleiding, werk, de privé-situatie of het starten van een eigen bedrijf. Binnen '*t Stationnetje*' werken zij – begeleid door professional en/of vrijwilliger, maar ook met elkaar – aan de realisatie van hun doel(en).*

*KEaRN heeft – zoals hierboven aangegeven – voor het project '*t Stationnetje*' subsidies buiten onze gemeente weten aan te boren. Alle kosten aangaande dit project voor jongeren uit onze gemeente worden hieruit vergoed. Vanuit deze externe subsidiegevers is vanaf start aangegeven dat zij een locatie op of in de buurt van een mbo-school in de gemeenten waar '*t Stationnetje*' jongeren ondersteunt, een waardevolle en belangrijke stap vinden. Vanuit onderzoek door het Verwey Jonker instituut is namelijk gebleken dat met name jongeren met een grote afstand tot onderwijs door deelname aan een project in de directe omgeving van een onderwijsinstelling, eerder de stap naar school terug durven te nemen.*

Het Nordwin bood zelf een externe, niet meer gebruikte (opslag)ruimte aan die vrij snel kon worden omgevormd naar een mooie, geschikte ruimte (voortvarend met hulp van jongeren ingericht met kringloopspullen).

*Uitgaande van de aanbevelingen van de subsidiegever gebaseerd op onderzoek van het Verwey Jonker Instituut, is dus gekozen voor een locatie bij het Nordwin, ook omdat dit, zoals boven uitgelegd, op hun pad kwam. Dit neemt niet weg dat '*t Stationnetje*' volop samenwerkt met andere partijen uit de omgeving en het kan zo zijn dat zij in de toekomst ruimtes voor bijeenkomsten huurt in bijvoorbeeld It Koartling of een andere accommodatie in de gemeente.*

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris, boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong hr. mr. O.F. Brouwer